



Wij kunnen in deze periode van Corona-crisis de Paasweek niet samen vieren. Daarom schrijven wij als voorgangers van de gemeente Westerwert en Nijkleaster een meditatie voor Witte Donderdag, Goede Vrijdag, Stille Zaterdag en voor Paaszondag. Wij schrijven de meditatie bij een afbeelding uit de Redbad-tsjerke in Jorwert. Wij hopen dat je de rust en stilte zult kunnen vinden bij het bekijken van de afbeelding en het lezen van de meditatie. De Nederlandstalige versie staat hieronder.

Meditaasje foar Peaskesnein 2020
(troch ds. Hinne Wagenaar)

‘Hâld my net beet’

Wannear’t Maria fan Magdala op de tredde dei yn de grêftún om Jezus syn lichem siket, moetet sy de opstiene Hear. En de earste wurden dy’t Jezus dan sprekt binne ‘Hâld my net beet’. It binne wurden dy’t har ferbjustere hawwe moatte. Wat hie se oars wollen, as him om ’e hals te fleanen, te omearmjien en te freegjen: ‘Bisto it echt? Is opstanning wier mooglik?’ Jezus syn wurden ‘Hâld my net beet’ klinke kâld en ôfstanlik.

Ik kin dy wurden op it stuit, yn dizze tiid fan Corona-ôfstân, eins net goed ferneare. Ik wol neat oars as Peaske fiere, myn siel skreaut om mienskip! Ik wol de minsken om ’e hals fleane, omearmje en freegje: ‘Is it wier, is opstanning echt mooglik?’ Dan ha ik gjin ferlet fan wurden as ‘Hâld my net beet’.

Gewoanwei komme wy op Peaske neintemoarn om 06.00 oere by elkoar op it hôf, de grêftún fan de Jorwerter tsjerke. It is noch tsjuster, in houtfjoer baarnt. De minksen skikke om it fjoer hinne. It is stil, wy harkje nei de lofsang fan de fûgels dy't sjonge by it lemieren. Wannear't de klok 6 oere slacht, sjonge wy 'Meitsje in fjoer yn 'e tsjustere nacht, en nim alle bangens wei.' De nije Peaskekears wurdt oanstutsen oan it fjoer en wy gean de noch tsjustere tsjerke yn. Dan wurdt it ljocht oan elk trochjûn en ljochtet it op yn tsjerke. Der klinke lieten en lêzingen. Wy komme gear rûn it doopfont en wurde nûge om ús doop of ús libben te fernijen troch de hân troch it wetter te heljen. Oan de ein fan dizze earste, betide, tsjinst fiere wy Peaske troch it noch keale krús moai te meitsjen mei blommen. It fersierde krús symblearret de omkear fan triennen nei treast, fan fertriet nei laitsjen. En dan is der iten: aaien en Peaskebôle. En foar de twadde tsjinst út is der in Peaskekuier. De dielnimmers komme optein werom. Wy binne bliid, omearmje elkoar en fiere it feest fan de opstanning. De Hear is wierlik opstien! Wy hâlde elkoar fêst en litte net los!

Mar wat moatte wy dan mei dy wurden: 'Hâld my net beet'? Wêrom seit Jezus soks tsjin Maria fan Magdala? Wat is de ferburgen wiisheid?

Yn it Johannes-evangeelje (haadstik 20) wurdt beskreaun hoe't Maria fan Magdala nei de grêftún tagiet en sjocht dat de stien foar it grêf weihelle is. Se is der kapot fan en skriemt. En tsjin elk dy't it mar hearre wol seit se: 'Se hawwe de Heare út it grêf weihelle en wy witte net wêr't se him dellein hawwe.' Dat seit se tsjin de oare learlingen. Dat seit se tsjin de twa ingels yn it grêf. En dat seit se tsjin de túnman dy't har freget 'wêrom skriemsto?' Maria tinkt dat it grêf leechstellen is. Troch har fertriet kin se net sjen dat der ingels binne om har te helpen of dat de túnman Jezus sels is. Sy is fiksearre op it deade lichem fan Jezus. Troch har triennen kin se net helder sjen, is har blik fertroebele.

Dat is folslein logysk, sá ferslein is sy troch de moard op Jezus, troch de hurdheid fan it libben. Jezus moat har wekker skodzje en neamt har namme: 'Maria'. Ik stel my foar dat Jezus it hast útskreat: 'Maria, kom út dyn fertriet wei, sjoch mei nije eagen. Ik bin opstien en libje. It kwea hat it net foar it sizzen, de dea hat net it lêste wurd!' En dan stiet letterlik yn de evangeelje-tekst: 'Maria draaide har om.' Dit is de omkear, dit is de bekearing fan Maria.

Mar tagelyk, it is hast ûnminsklik, mei Maria Jezus net beethâlde. Se moat har net fêstklampe oan Jezus. Want it giet net om Jezus, hoe nuver dat miskien ek klinkt. It giet net om Jezus, mar om it boadskip foar de wrâld. Jezus moat net fêsthâlden wurde, net opslúten wurde yn tsjerken, net ynkapsele wurde yn dogma's. Syn befrijende ferhaal moat libbe wurde, moat ferkundige wurde: it goede sterker as it kwea, leafde sterker as haat, ljocht sterker as tsjuster, libben sterker as dea. Dêrom stjoert Jezus Maria nei har freonen ta om dit blide boadskip te bringen. Sy is de earste apostel!

Miskien is dat de betsjutting fan 'Hald my net beet'? Maria hoeft no net mear te sykjen om Jezus syn lichem. Sy hoeft ek net foar Jezus te soargjen. Sy mei no sels opstean. Har skriemen mei feroarje yn laitsjen. Soms is dit proses fan omkearing in iensum proses. Maria mei Jezus loslitte en keart har nei de wrâld ta om it ferhaal fan Jezus sels te libjen en it oan oaren te fertellen. En wy meie dat mei har dwaan. Wy omeanje it goede en de leafde. Hâlde beet en litte net los! Wy fleane it ljocht en it libben om 'e hals. Hâlde beet en litte net los!

Wannear't wy mei Peaske it krús fersiere as symboal fan it feest fan de opstanning dan sjonge wy dêr steefêst it liet by dat skreaun is troch biskop Tutu. Dit liet giet oer de kearn fan ús leauwe: 'Hy hat oerwûn. Hy hat oerwûn. Syn leafde draacht ús'! Wy hoeve Jezus net beet te hâlden, mar meie ús drage litte troch syn leafde.

't Goe - de is ster - ker as 't kwea - de,
leaf - de ster - ker as haat.____
Ljocht is ster - ker as tsjus - ter,
lib - ben ster - ker as dea.
Hy hat oer - wûn, Hy hat oer - wûn.
Syn leaf - de draacht____ ús.

Goodness is stronger than evil;
love is stronger than hate;
light is stronger than darkness;
life is stronger than death.
Victory is ours, victory is ours
through him who loved us.

(Tekst: Desmond Tutu; muzyk © 1997 WGRG,
Iona Community, Glasgow G2 3DH, Scotland
oersetting © 2008 KFFB)

Meditatie voor Paaszondag 2020
(door ds. Hinne Wagenaar)

‘Houd mij niet vast’

Wanneer Maria van Magdala op de derde dag in de graftuin zoekt om het lichaam van Jezus, ontmoet zij de opgestane Heer. En de eerste woorden die Jezus dan spreekt zijn: ‘Houd mij niet vast’. Die woorden moeten Maria verbijsterd hebben. Wat had ze immers anders gewild dan hem om de hals te vliegen, te omarmen en te vragen: ‘Ben jij het echt? Is opstanding werkelijk mogelijk?’ Jezus’ woorden ‘Houd mij niet vast’, klinken koud en afstandelijk.

Ik kan die woorden op dit moment, in deze tijd van corona-afstand-houden, eigenlijk niet goed verdragen. Ik wil niet anders dan Pasen vieren, mijn ziel schreeuwt om ‘mienskip’, gemeenschap. Ik wil de mensen om de hals vliegen, omarmen en vragen: ‘Is het waar, is opstanding echt mogelijk?’ Ik heb nu geen behoefte aan woorden als ‘Houd mij niet vast’.

Gewoonlijk komen wij op Paaszondagmorgen om 06.00 uur bij elkaar op het kerkhof, de graftuin van de Jorwerter kerk. Het is nog donker, een houtvuur brandt. De mensen verzamelen rondom het vuur. Het is stil, wij luisteren naar de lofzang van de vogels bij het ochtendgloren. Klokslag 6 uur zingen wij ‘Meitsje in fjoer yn ’e tsjustere nacht, en nim alle bangens wei.’ (Zuiver vlam, verdrijf met je licht de angsten van ons hart). De nieuwe Paaskaars wordt ontstoken aan het vuur en wij gaan de nog donkere kerk in. Dan wordt het licht gedeeld en licht de kerk op. Er klinken liederen en lezingen. Wij maken een kring rondom het doopvont en worden genodigd om onze doop of ons leven te vernieuwen door de hand door het water te halen. Aan het slot van deze eerste, vroege, dienst vieren wij Pasen door het nog kale kruis mooi te maken met bloemen. Het versierde kruis symboliseert de omkeer van tranen naar troost, van verdriet naar lachen. En dan is er eten: eieren en paasbrood. Voorafgaand aan de tweede dienst is er een paaskuier. De deelnemers komen opgetogen terug uit de weilanden. We zijn blij, omarmen elkaar en vieren het feest van de opstanding. De Heer is waarlijk opgestaan. Wij houden elkaar vast en laten niet los!

Maar wat moeten wij dan met die woorden: ‘Houd mij niet vast’. Waarom zegt Jezus dit tegen Maria van Magdala? Wat is de verborgen wijsheid?

In het Johannes-evangelie (hoofdstuk 20) wordt beschreven hoe Maria naar de graftuin toegaat en ziet dat de steen voor het graf is weggehaald. Ze is er kapot van en huilt. En tegen een ieder die het maar horen wil zegt ze: ‘Ze hebben de Heer uit het graf weggehaald en wij weten niet waar ze hem nu hebben neergelegd’. Dat zegt ze tegen de andere leerlingen. Dat zegt ze tegen de twee engelen in het graf. Dat zegt ze tegen de tuinman die haar vraagt ‘Waarom huil je?’ Maria denkt dat het graf leeggeroofd is. Door haar verdriet kan ze niet zien dat er engelen zijn om haar te helpen of dat de tuinman Jezus zelf is. Ze is gefixeerd op het dode lichaam van Jezus. Vanwege haar tranen kan ze niet helder kijken, is haar blik vertroebeld.

Dat is overigens volslagen logisch, zij is zó verslagen door de moord op Jezus, door de hardheid van het leven. Jezus moet haar wakker schudden en noemt haar dan bij de naam: 'Maria'. Ik stel mij voor dat Jezus het bijna uitschreeuwt: 'Maria, kom uit je verdriet vandaan, kijk met nieuwe ogen. Ik ben opgestaan en leef. Het kwaad heeft het niet voor het zeggen, de dood heeft niet het laatste woord!' En dan staat er letterlijk in de tekst van het evangelie: 'Maria draaide zich om.' Dit is de omkeer, dit wijst op de bekering van Maria.

Maar tegelijk, het is bijna onmenselijk, mag Maria Jezus niet vasthouden. Ze mag zich niet vastklampen aan Jezus. Want het gaat niet om Jezus, hoe vreemd dat misschien ook klinkt. Het gaat niet om Jezus, maar om de boodschap voor de wereld. Jezus moet niet vastgehouden worden, niet opgesloten worden in kerken, niet ingekapseld worden in dogma's. Zijn bevrijdende verhaal moet geleefd worden, moet verkondigd worden: het goede sterker dan het kwaad, liefde sterker dan haat, licht sterker dan donker, leven sterker dan dood. Daarom stuurt Jezus Maria naar haar vrienden toe om deze blijde boodschap te delen. Zij is de eerste apostel!

Misschien is dat de betekenis van 'Houd mij niet vast'? Maria hoeft nu niet meer te zoeken naar het lichaam van Jezus. Zij hoeft ook niet meer voor Jezus te zorgen. Zij mag nu zelf opstaan. Haar huilen mag tot lachen veranderen. Soms is dit proces van verandering een eenzaam proces. Maria mag Jezus loslaten en (be)keert zich naar de wereld toe om het verhaal van Jezus nu zelf te leven en aan anderen te verkondigen. En wij mogen dat met haar mee doen. Wij omarmen het goede en de liefde. Houden vast en laten niet los! Wij vliegen het licht en het leven om de hals. Houden vast en laten niet los!

Wanneer wij met Pasen het kruis versieren als symbool van het feest van de opstanding dan zingen wij daarbij steevast het lied dat geschreven is door bisschop Tutu. Het lied gaat over de kern van ons geloof: 'Victory is ours, victory is ours through him who loved us.' In het Fries vertaald als: 'Hy hat oerwûn. Hy hat oerwûn. Syn leafde draacht ús.' Wy hoeven Jezus niet vast te houden, maar mogen ons laten dragen door zijn liefde: 'Syn leafde draacht ús'.

Goodness is stronger than evil;
love is stronger than hate;
light is stronger than darkness;
life is stronger than death.
Victory is ours, victory is ours
through him who loved us.

*(Tekst: Desmond Tutu; muzyk © 1997 WGRG,
Iona Community, Glasgow G2 3DH, Scotland)*